



OH, MYN LEAVE...

(Darling Mr. London)

Klucht yn twa bedriuwen

troch

ANTHONY MARRIOT en BOB GRANT

Fryske oersetting

Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **OH, MYN LEAVE – DARLING MR. LONDON** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANTHONY MARRIOT en BOB GRANT** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 1978 Anthony Marriot and Bob Grant

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Eddy Vlasma - Ein tritiger.

Rommy Vlasma - Syn frou.

Geart Pappot - Broer fan Rommy.

Frou Pappot - Mem fan Rommy.

Halbe Kasteel - Helpdûmny.

Monique - Miss Parys.

Sylvana - Miss Rome.

Ingrid - **Miss Berlyn**.

Snieflokje - Miss Oslo. (*hiel lyts roltsje*)

DEKOR:

It stik spilet him ôf yn 'e wenkeamer fan Eddy Vlasma. It is in jûn yn 'e mai-tiid. Yn 'e keamer stean kreaze, mar net al te djoere meubels. Alles sjocht der ekstreem netsjes en skjûn út. Rjochts út 'e midden stiet in sliepbank, mei dêrneist in taffeltsje. Rjochts, tusken de keamer fan 'e helpdûmny en de badkeamer stiet in dressoir, mei dêrop in telefoan en in jiskepantsje. Rjochts foaroan stiet in televyzje. Lofts út 'e midden stiet in leunstoel, ek mei in taffeltsje derneist. Oan 'e lofterkant fan it dekor sit lofts foar in doar nei de útfanhûzerskeamer, lofts midden de doar nei de gong en foardoar, lofts efter de doar nei de sliepkeamer. Oan 'e efterkant fan it dekor sit lofts in doar nei de sêre. Hjirefter sjogge we túndoarren of ruten, mei útsicht op in kreaze tún. Rjochts efter is de doar nei de keuken. Oan 'e rjochterkant fan it dekor is rjochts foar in doar nei de keamer fan 'e helpdûmny en rjochts efter de doar fan 'e badkeamer.

EARSTE BEDRIUW

(Betiid op in jûn yn 'e maitiid)

(As de gerdinen iepen geane, sjogge we Rommy Vlasma drok dwaande mei it poetsen fan in kandler. Se is yn de tritich, leaf, sjocht der goed út, mar is skytskjin en oerdreaun netsjes yn 'e húshâlding. Se hat in skelk foar. Se hat fierders kreaze klean oan en húshâldwanten oan. Efkes letter wurdt der lûd belle. Rommy set de kandler del en giet fia de gong nei de foardoar)

Rommy: *(yn 'e gong, net sichtber)* Oh, goeie... Geart...

Geart: *(yn 'e gong, net sichtber)* Jûn, Rommy. *(Geart Pappot komt de keamer yn. Hy is de broer fan Rommy en supervisor by KPN. Hy is goed fjirtich, eigenwiis en mei graach in buorrel)* Hoe is 't mei myn lytse suske?

Rommy: *(rint efter him oan)* Giet wol, tanke, Geart. *(jout him in tút)*

Geart: Op wei nei hús, tocht ik, kom, ik sil mem efkes dach sizze.

Rommy: Dat is hiel aardich fan dy, Geart. Mar se is der net mear.

Geart: Se is der net mear? Earm âld hert. Wat is der bard?

Rommy: Se is mei de bus fan healwei seisen gien. *(se pakt in jiskebak fan it dressoir en set dit op it taffeltsje neist Geart)*

Geart: Och, hea!

Rommy: Mar se sil no wol thús wêze.

Geart: Hè?... Oh, ik begryp watsto bedoelst. Ik tocht efkes dat se... No ja, lit mar. Hoe giet it oars mei har?

Rommy: Itselde as altyd.

Geart: Sûn en wol dus. Mar altyd klaaie oer alle sykten dy't der mar besteane.

Rommy: Do witst wol dat net sa is, Geart. Se is net rjocht by 't spul.

Geart: Unsin! Asto my fregest, ik leau net dat it goed foar har is, dat se yn san grut hûs op harsels wennet.

Rommy: Ik sit wol wat yn noed oer har.

Geart: Ik sis hieltyd al tsjin har, dat se it hûs ferkeapje moat. Net omdat ik om it jild sit te springen, mar... sy hat der dochs neat oan... Se kin ommers maklik hjir by dy en Eddy wenje. Ik bedoel, se is hjir dochs altyd.

Rommy: Dat is sa, mar do en Marjolein kinne har ek wol ris in skoftke hawwe.

Geart: Fansels. Kin om my wol. Mar, do kinst Marjolein. Mem en sy kinne net goed, dat eh...

Rommy: Wurket Eddy wer langer troch op 'e telefoansintrale? Hy hat

der fan 'e moarn neat oer sein.

Geart: Nee, nee. Hy is gewoane tiid klear... sân oere.

Rommy: Koesto him dan gjin lift jaan?

Geart: Nee, ik wie earder klear. Do kinst dochs net fan my ferwachtsje, dat ik in kertier op him gean stean te wachtsjen.

Rommy: Wêrom net. It is dyn sweager, hear.

Geart: Dêr giet it net om. De manager fan KPN wol net, dat supervisors, in lift jouwe oan telefoanoperators. Ek net as it famylje is.

Rommy: No ja, it giet faaks ek flugger mei de bus.

Geart: Krekt. Ik wit ek net wêrom ik in hânfol jild útjûn haw oan myn nije Jaguar XJSix. Sûpt liters benzine en je kinne him mar ferrekte min par-keare. Mar ja, immen yn myn posysje kin no ienris net yn in VW-tsje ride.

Rommy: Eddy tinkt der oer om in VW Golf te nimmen.

Geart: Past krekt by him. Ik tink trouwens net dat er oait foar it rydbewiis slagje sil.

Rommy: Hy is noch mar trije kear sakke. Hy is der wis fan dat er in kear slagje sil.

Geart: No, lit it my efkes witte as it sa fier is. Dan gean ik de dyk net mear út. (*gnysket*)

Rommy: Oh, Geart! It is net san minnen ien. Hy kin him allinne sa min konsintrearje.

Geart: It is altyd al in dreamer west. Ek op it wurk. Immen frege him troch te ferbinen mei Bangkok en hy ferbûn him troch mei de babbelboks.

Rommy: Hy sil it ferkeard ferstien ha. Hy sil syn earen ris útspuitsje litte moatte.

Geart: It binne syn earen net, wêrsto dy soargen oer meitsje moatst, it is syn grutte mûle. Hy sit it grutste part fan de dei te ouwehoeren mei de bûtlânske telefonistes.

Rommy: Ik bin der wis fan dat er altyd hiel fatsoenlik tsjin harren is.

Geart: No, as dat fatsoenlik is, dan wol ik wol ris witte hoe't er him hâldt en draacht as er freonlik is. Mar ja, dêr ha ik gjin tiid foar. Ik ha noch in drokke jûn foarhannen mei de ferkiezing fan "Miss Europhone"

Rommy: (*net ynteressearre*) Oh, ja? Hoe sit it eins mei dy sek ierdappels, dysto my tasein hast?

Geart: Oh, dy. Dy stiet by my yn 'e garaazje. Ik bring him wol ris oan.

Rommy: Graach. Ik sit hast sûnder en Eddy hâldt net fan pasta's.

Geart: Do ferwenst him fierstente folle.

Rommy: Ik fyn dat in frou har man heart te ferwennen.

Geart: Seist dat ek ris in kear tsjin Marjolein?

Rommy: Se krijt de kâns net om dy te ferwennen. Do bist ommers nea thús.

Geart: Do witst dat ik net sa bin as Eddy. Ik boartsje yn myn frije tiid net mei tinnen soldaatsjes. Ik ha in sear aktyf en sosjaal libben.

Rommy: *(mei klam)* Ja, dat ha ik wol ris heard, ja.

Geart: Ja, No... eh... Do moastst net alles leauwe, watsto hearst. No, ik sil ris op hûs oan. Ik kom der wol út. *(giet fia de gong ôf)*

Rommy: *(ropt him nei)* Ferjit myn ierdappels net!

Geart: *(yn 'e gong)* Ik sil der omtinke. *(de foardoar slacht ticht. Rommy leget de jiskebak en makket him sekuer skjin mei in doekje. Dan skoddet se it kessen fan 'e leunstoel op. De telefoan giet. Rommy nimt op)*

Rommy: Mei Rommy... Oh, mem, binne jo it.... Dus, jo binne goed oankaam?... Net goed?... Jo fiele jo net goed?... Watte?... Lêst fan triljende skonken?... Nee, mem, jo kinne hjir jûn net komme. Eddy komt sa thús en ik moat mei it iten... Wêrom meitsje je net in lekker kopke sop foar je klear en dan mar net te let op bêd... *(wurch)* Jo ha gjin sop yn hûs.. Hielendal gjin iten yn hûs... No, goed dan, ik sil wol wat bringe as Eddy thús is. *(se leit de telefoan del, docht har skelk wer foar en docht de húshâldwanten wer oan. Dan giet de foardoar. Rommy wifket efkes)* Bisto dêr, Eddy-leave?

Eddy: *(yn 'e gong)* Ik bin thús

Rommy: Moai sa. *(Rommy giet nei de keuken. De gongsdoar giet iepen en Eddy Vlasma komt yn. Hy is in tige netsjese, dimmene man fan hast fjirtich. Hy docht syn jas út en leit dy op 'e stoel. Hy hat in lyts pakje by him, wat er no iepen makket. Hy hellet dan in oantal tinnen soldaatsjes út in doaske, dy op in grien boerd stean. Hy set dizze op it taffeltsje neist d sliepbank)*

Eddy: Kom op, soldaten! Der tsjinoan en ferslaan se. Bonaparte, hâldt mar rekken mei dyn Waterloo. *(Rommy komt op út de keuken mei in boad-skiptas fol mei iten)*

Rommy: Dei, leave. Hoe wie it? *(se hâldt him it wang foar, foar in tút)*

Eddy: Goed. *(Jout har fluch in tútsje. Rommy set de boadskiptas op it dressoir, pakt in medisynadoaske en hellet der wat medisinen út, dy't se yn 'e tas docht)*

Rommy: Meitsje no gjin rommel op 'e flier, wolste. Ik ha him fan 'e moarn skjinmakke mei shampoo.

Eddy: Dat komt wol goed. It is mar wat pakpapier fan myn nije soldaatsjes. Ik ha se yn 't skoft ophelle by de boartersguodsaak.

Rommy: Oh, Eddy, do moastst net san jild fergrieme oan dat boartersguod.

Eddy: Dat falt wol wat ta, juh.

Rommy: Ik fyn dat Geart dy wol in lift nei hûs jaan kinnen hie.

Eddy: Do kinst him dochs. Hy seit my al jierren promoasje ta, mar ik bin noch hieltyd operator.

Rommy: Hy makke dy *senior* operator.

Eddy: Dat die er allinne mar, omdat alle oaren mei pensjoen gongen.

Rommy: Wist wat it mei dy is, Eddy? Do bist te aardich foar eltsenien, do litst oer dy hinne rinne. *(Rommy set de tas op it taffeltsje neist de sliepbank. Eddy krijt krekt op 'e tiid de tinnen soldaatsje der wei)*

Eddy: Nee, Rommy, dat doch ik net. Ik wol allinne graach mei eltsenien freonlik omgean.

Rommy: Do bist te freonlik. Geart seit, it ienige wat asto dochste, is kletse mei de bûtlânske telefonistes.

Eddy: Ik bin altyd hiel fatsoenlik tsjin har.

Rommy: Dat is net wat Geart sei.

Eddy: Geart moat him mar wat mear mei syn eigen saken bemuoie.

Rommy: Sa moatst net sa oer myn broer prate. Geart is hiel goed foar ús. Hy hat soarge datsto in baantsje by KPN krigest en hy fûn dit hûs foar ús, sadat wy moai ticht by mem wenje.

Eddy: Ja, dêr haw ik noch wol in pear fragen oer.

Rommy: Wat seist?

Eddy: Ik sei dat ik him dêr hiel tankber foar bin. We ha se hjir hast eltse dei oer de flier.

Rommy: Moatst net sa oerdriuwe, leave. Mar ik sil nei mem ta. Se hat wer lêst fan dûzeligens.

Eddy: *(skrikt)* Se komt hjir dochs net wer wol? Se is noch mar krekt fuort.

Rommy: Nee, mar ik moat der wis fan wêze, dat der neat mei har te rêden is.

Eddy: Gelokkich! It soe wolris aardich wêze, om wer ris televyzje sjen te kinnen.

Rommy: Do moatst mem net ferwite dat se âlderwetsk is. It is allinne mar dat se sommige programma's nochal shockerend fynt.

Eddy: It ienichste wat wy de ôfrûne wiken sjoen hawwe, is it jeugdsjoernaal.

Rommy: Toe no, Eddy. Do witst hoe't se sukkelet mei de sûnens.

Eddy: Net mear as in oar. Hoe dan ek, dokter Pronk sei dat se neat mankearret.

Rommy: Wat wit dy der no fan! Hy is krekt ôfstudearre. *(se docht har jas oan)*

Eddy: Hoelang bliuwst dizze kear fuort?

Rommy: Mooglik bliuw ik der fannacht wol.

Eddy: No, soargje der yn elts gefal foar, datst moarnejûn thús bist.

Rommy: Wat is der moarnejûn?

Eddy: Dan is de “Miss Europhone” ferkiezing. Ik koe twa kaartsjes krije. Ik woe dy ferrasse.

Rommy: Dat dochst seker! Wat is dat krekt?

Eddy: It is in ferkiezing foar telefonistes fan ynternasjonale telefoansintrales yn Europa. Miss Paris, Miss Rome, Miss Oslo... neam mar op.

Rommy: No, dat heart nochal opwinend, moat ik sizze. En dan de hiele jûn harkje nei dat gekeakel yn har eigen taal.

Eddy: Nee, jong, bist net wiis! It binne allegearre hiele kreaze froulju. Se komme op yn badpak.

Rommy: No begryp ik wol wêrom asto dêr sa graach hinne wolst. Mar ik gean net. Do kinst dy kaartsjes dus mar better wer werom jaan.

Eddy: Mar ik ha Geart der fyftich euro foar betelle!

Rommy: Bist hartstikke gek! *(se pakt har hântaske en set dizze op 'e taffeltsje. Eddy kin noch krekt syn tinnen soldaatsjes der wei pakke. Rommy giet nei de badkeamer en komt werom mei in toiletta)*

Eddy: Binne der hjoed noch brieven foar my kaam?

Rommy: Ja, ien út Parys, hy leit op 'e televyzje. Do krigest de lêste tiid wol faak brieven út it bûtlân. En wêrom sette se dyn eigen namme der net op? Se binne allegearre adressearre oan “Mister Amsterdam”.

Eddy: Dat ha ik dy al ris earder sein. Dat hat te krijen mei de fjildslaggen fan myn tinnen soldaatsjes. Dy brief sil wol fan “Mister Parys” wêze en giet fansels oer de slach by Waterloo.

Rommy: Romje dyn jas efkes op, wolste. Do witst dat ik net oer rommel kin.

Eddy: Ja, Rommy. Wat moat ik mei ús útfanhûzer oan? *(Eddy bringt syn jas nei de gong)*

Rommy: *(hellet in poeierdoaske út har tas en makket har op)* Mynhear Kasteel is gjin útfanhûzer, mar in beteljende gast. *(Eddy komt werom út 'e gong)* Dûmny sei tsjin my, dat er foar de helppredikant gjin goede wenromte fine koe. Dêrom is er hjir yn hûs kaam, leave. *(se pakt har boadskiptas om har poeierdoaske yn te dwaan en lit dizze mei in plof op Eddy syn tinnen soldaatsjes falle. Eddy is ferbjustere)*

Eddy: Myn earste rezjimint fan it fuotfolk. Myn hollânske grenadiers. Do hast se allegearre ferplettere.

Rommy: Nim my net kwea ôf. Mar dan moatsto dy boartersdinkjes ek net oeral sweve litte. *(se docht it poeierdoaske no yn har tas, pakt har tas op en skoot de tinnen soldaatsjes by inoar)*

Eddy: It binne gjin boartersdinkjes... it binne echte replika's. Ik ha se hjoed spesjaal kocht, sadat ik de slach by Waterloo ôfmeitsje kin. *(pakt in brutsen soldaatsje op)* No kin allinne Napoleon noch mar winne! *(Halbe Kasteel komt út de gong op. Hy is de pleatslike helpdûmny. Hy hat dan ek in dûmnykostúm, in hoed en in oerjas oan en hat klammen op syn broekspipen foar it fytsen. Hy hat in lyts kuorke by him, mei dêryn wat boeken en in boskje blommen)*

Halbe: Goejûn, gemeente... Oh... eh... goejûn allegearre.

Rommy: Goejûn, mynhear Kasteel. Sit it wurk der op?

Halbe: Ik bin bang fan net, frou Vlasma. It wurk fan in helpdûmny is nea klear. Ik moat aansens alhiel wer werom fytse, foar in gearkomste om acht oere. En ik ha ek wer in lekke bân.

Rommy: It wurdt tiid foar in nije bân, dizze ha jo al sa faak plakt.

Halbe: Ik tink dat dat der net mear ôf kin, frou Vlasma. Net mei san skeamele leantsje as ik ha. *(hy leit syn hoed en jas op deselde stoel as Eddy dat ek die)*

Rommy: *(giet nei de leunstoel en set har tas dêr del)* Ik tink wier, dat it hast ris tiid wurdt, dat jo je eigen gemeente tawiist krije.

Halbe: Ik tink net dat se it my oait ferjouwe, dat ik mei it útstapke nei de Grutte Tsjerke fan Utert, it knapekoar kwytrekke bin. *(giet yn 'e leunstoel sitten om de klammen fan syn broek te heljen)*

Rommy: Mar ik moat spitigernôch no fuort, mynhear Kasteel. Us mem is net hielendal ynoarder. Se hat wer lêst fan dûzeligens.

Halbe: Oh jee, soe se it op priis stelle, dat ik efkes by har kom?

Eddy: Dat is noch net nédich... It is in âlde taaien ien...

Rommy: Eddy!

Halbe: Hindert neat, frou Vlasma. Ik mei wol oer dy grapkes fan Eddy.

Rommy: Toe, Eddy, bring mynhear Kasteel syn hoed en jas ris nei de gong.

Halbe: Tanke, dat is hiel aardich fan jo. *(docht de broekklammen ôf)*

Rommy: Ik hoopje dat alles goed giet, wyls ik fuort bin. *(Eddy pakt de jas en de hoed en bringt dy nei de gong en komt daliks wer werom)*

Halbe: Ha mar gjin noed, frou Vlasma.

Rommy: Ik belje dy wol, Eddy, om te fertellen hoe't it mei mem giet.

Eddy: Dêr bin ik hiel bliid om.

Rommy: *(tsjin Halbe)* Doch de groetnis oan jo oanstearde. Ik hie har oars sa graach ris moetsje wollen. Hoe let komt se jûn?

Halbe: Dat wit ik net krekt. Jo kinne de NS. Ik tink wolris, as de NS te krijen hân hie mei de flecht út Egypte, dan wit ik net wêr't Mozes telâne kommen wie.

Rommy: No, ik ha it bêd yn 'e útfanhûzerskeamer foar har opmakke.

Halbe: Dat is tige freonlik fan jo. Ik ha in boskje blommen foar har meinommen. Dy woe ik mar op 'e toilettafel sette.

Rommy: Wat in goed idee, hiel attint. Binne jo der wis fan dat jo wol genôch hawwe?

Halbe: Ik koe der net mear fine. Der steane net sa folle mear yn jo kas.

Eddy: Dat is altyd sa op moandei. Der binne noch wol tomaten, wolle jo dy der net by hawwe?

Halbe: Nee, tanke. Ik ha se preaun, mar se binne noch net ryp.

Rommy: Dat is Eddy syn skuld. Hy hat se fan 't jier te let plante.

Halbe: Tsja, men rispet wat men siedde hat.

Eddy: Ik soe graach dy kâns ha wolle.

Rommy: Kom hjir ris, Eddy. Lit my ris efkes nei dy sjen. Oh, jeetje. *(se docht syn hier goed, syn strik ensfh)* Soargje der foar dat alles hjir skjien en netsjes bliuwt. Lit gjin ôfwask yn 'e goatstien stean. Set de ôffalkontainer jûn bûten, se komme moarnier betiid. Ik ha leaver net datsto noch immen der yn litst. Ik wol net dat der moarn neat mear op syn plak stiet. As ik jûn net thús kom, stofsûgerje dan moarnier efkes. En ferjit mynhear Kasteel syn iten net. No, goeie. *(se jout Eddy in tût op 'e wang en giet ôf)*

Eddy: *(ropt har nei)* De groetnis oan mem dwaan hear. *(Eddy makket syn hier en klean wer yn 'e war)* Alles is te keap, behalve myn skoanmem... dy krije jo sa... Wolsto ek wat ite?

Halbe: Oh nee, tanke. Ik wie op 'e tee by de platte froulju. Dy tinke grif dat ik altyd te min iten krij. Ik wol nea wer krintebôle sjen en al hielendal net ite. Ik seach trouwens ek, datsto wer in "Mister Amsterdam" epistel krigen hast. It leit dêr op 'e televyzje.

Eddy: *(giet daliks nei de televyzje om de brief te pakken)* Ja, ja, myn fjildslaggen, de slach by Waterloo.

Halbe: Ik fyn it altyd mar wat frjemd, dat "Mister Amsterdam" gedoch. Under pseudonym te skriuwen.

Eddy: Dat hat der neat mei te krijen. Wy nimme allegearre in plaknamme oan. Ik bedoel, sa komme we ek net yn 'e war mei al dy frjemde bûtlânske nammen. Sjochste, dizze is fan Mister Parys. *(pakt brief en jout dy oan Halbe)*

Halbe: *(pakt brief oan)* It liket oars mear it hânskrift fan in frommeske.

Eddy: *(pakt daliks de brief wer ôf en leit him op it taffeltsje)* Nee, it is in man. In grutte grouwe Frânsman, mei in burd.

Halbe: Frjemd, hoe't je je der op fersjen kinne.

Eddy: *(skrikt op)* Wêrop?

Halbe: Dat hânskrikt.

Eddy: No, ja, hy is in bytsje fan 'e oare kant, as jo begripe wat ik bedoel.

Halbe: Ik wit hiel goed watsto bedoelst. Ik ha ûnder in dûmny yn Haarlim wurke, dy wie ek sa. Ik moastst der altyd omtinke. Foaral as ik by it ferklaaien de toga hiel oer de holle hie.

Eddy: Ja, krekt.

Halbe: Mar ik miende datsto ris ferteldest, dat jimme de telefonistes oansprieke mei Miss Parys en Miss Berlyn ensfh.

Eddy: Eh... No... ja, dat dogge wy ek.

Halbe: En se neame dy Mister Amsterdam?

Eddy: Ja, dat is dan dochs logysk!

Halbe: Dan is it fansels hiel oannimlik dat, as immen in brief sjocht dy adressedarre is oan Mister Amsterdam, hy daliks tinkt dat dizze fan ien fan dy bûtlânske jongedames is. Pinfreondinnen bygelyks. Soe hiel dom wêze.

Eddy: Bespotlik! Ik bedoel, ik ken se sels net iens. Der is neat persoanliks, it binne allinne mar stimmen.

Halbe: Ik bin bliid dat te hearren. Ik moat der net oan tinke dat in skiep fan 'e keppel ôfdwaald en feroaret yn in wolf.

Eddy: Oh, nee, nee. Ik soe net doarre.

Halbe: Dan is het goed. Mar ik sil my no efkes taryede op 'e gearkomste fan aansens. *(sil nei syn keamer, sjocht dan it taffeltsje)* Allemachtich, sis! Der hat hjir in hiel bloedbad plakfûn. In rûch mantsje, dy Mister Parys. Dêr krijt de fjilddûmny noch hiel wat wurk fan. Wat wie it, artillery en mortierfjoer?

Eddy: Nee, Rommy mei har boadskiptas.

Halbe: Docht der ek net ta. Sa as Petrus al sei, op wei nei Damaskus: "As je se net ferslaan kinne, slút je dan by har oan." *(Halbe giet syn keamer yn en docht de doar ticht)*

Eddy: Ik wist net dat Petrus dat sei. *(hy giet nei it taffeltsje ta, pakt in brutsen soldaatsje op, sjocht der treurich nei en leit it dan earbiedich yn it doaske. Blaast de "Last Post" op syn hân, wyls er de oaren ek yn it doaske docht. As er it doaske ticht docht, wurdt der lûd belle oan 'e foardoar)* Wat hat se no wer fergetten. *(giet nei de foardoar)*

Monique: *(yn 'e gong)* Is dyn frou thús?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto